

[0684] OER -BER, -LIK, -EFTICH, -ICH, -ERICH, -SK EN -SUM
(earste stik: -ber en -lik ferlike)

Geart van der Meer

Summary

In this article I discuss and compare two of the seven Modern Frisian suffixes deriving adjectives from verbal bases which share the general meaning 'tending to carry out the action referred to in the verb stem'. The two suffixes are -ber and -lik (Dutch -baar and -lijk).

It appears that the difference between -ber and -lik is that adjectives in -lik generally refer to permanently operative properties, whereas those in -ber refer to possibilities and potentialities.

I reject the so-called modal readings that have been assumed for a number of adjectives in -lik (cf. e.g. Dutch verwerpelijk which has been interpreted as 'ought to be disapproved of or condemned').

The number of 'intransitive' derivations with -lik is comparatively larger than that with -ber. There appear to be grounds to question the assumption that the productivity of -lik is diminishing due to its alleged semantic incoherence.

1. Ynlieding

De yn de titel neamde achterheaksels hawwe mien dat se allegearre brûkt wurde kinne om mei tiidwurdlike bases eigenskipswurden te foarmjen mei rûchwei de betsjutting 'oanstriid hawwend om de hanneling út te fieren dy't yn it basistiidwurd oanjûn wurdt'¹. Dat rûchwei is hjir mei sin brûkt, om't fierderop wol dúdlik wurde sil dat dit lang net in folsleine, en faaks sels net in krechte, beskriuwing fan de betsjutting is, foaral net at it om de achterheaksels ôfsûnderlik giet. Ik jou hjir foar de lêzer eefkes inkelde foarbylden mei dy betsjutting:

¹. Dêrneist kinne se ek foarkomme nei net-tiidwurdlike bases, mar dêr gean ik yn it ramt fan dit artikel net op yn.

mei <i>-ber</i> :	<i>ûntplofber</i>
mei <i>-eftich</i> :	<i>wegereftich</i>
mei <i>-erich</i> :	<i>gnizerich</i>
mei <i>-ich</i> :	<i>knoffelich</i>
mei <i>-lik</i> :	<i>tasjitlik</i>
mei <i>-sk</i> :	<i>praatsk</i>
mei <i>-sum</i> :	<i>folchsum</i>

Wa't wat thús is yn de Fryske morfology wit dat de neamde betsjutting net de iennige is fan de opsomme achterheaksels. Yn par. 2 kom ik dêr noch op werom. It feit dat al dy achterheaksels deselde betsjutting ha kinne, is de oanlieding ta dit en in folgjend artikel, wylst út de ferliking aanst de ferskillen en fierdere betsjuttingsnuânsen nei foaren komme sille.

Der hat de lêste jierren wol wat belangstelling west foar inkelde fan boppeneamde suffiksen. Ik sil hjir koart yngean op inkelde resinte publikaasjes en dêrnei gearfetsje wat eardere skriuwers op it aljemint brocht hawwe datoangeande.

Johan Taeldeman (Taeldeman 1985a: 20-28) giet foaral yn op de deverbale adjektiven dy't in 'inclination' oantsjutte. It algemiene doel fan syn stik is om oan te toanen dat bgl. produktivens net allinne ôfhinget fan absolute linguistyske betingsten, mar ek fan relative pragmatyske. No kin men neffens mij noch wol wat tsiere oer de fraach oft it ferskil tusken dy twa soarten fan betingst wol sa ûndûbelsinnich is. Hjir wurdt lykwols bedoeld dat de betsjutting, gebrûksmooglikheden en produktivens fan in suffiks ôfhingje fan it werklike taalgebrûk yn in reële sitewaasje binnen in sosjaal weardeysteem. Taeldeman slacht op s. 21 de pragmatyske status fan in ôfliedingstype lyk mei syn *attitudinele* status, d.w.s. min ofte mear mei syn gefoelswearde: stiet men posityf of negatyf tsjin in ôflate foarm oer. Sa is de *attitudinele* status fan Nederlânsk *spaarzaam* posityf, dy fan *spaarderig* negatyf. Fierderop ferbynt er dan noch it begryp konnotaasje mei de pragmatyk.

Wat de beheiningen op de morfologyske prosessen oangiet, ûnderskiedt Taeldeman semantyske, fonologyske en pragmatyske. Sa binne, wat dat lêste oangiet, Nederlânske wurden op *-zaam* gauris posityf wurdearre, wylst dyen op *-enig* gauris negatyf wurdearre wurde (ferl. de niiskrekt neamde foarbylden). Neffens Taeldeman is *-erig* it meast produktyf om't dat suffiks sawol denotatyf as konnotatyf (dus: pragmatysk) it meast koherint is. Dat is yn oerienstimming mei de ûnderstelling dat der in oarsaaklike gearhing is tusken semantyske koherintens en morfologyske produktivens (s. 28).

2. *Mear yn it bysûnder: -BER en -LIK*2.1. *Algemien*

Yn in oar artikel skriuwt Taeldeman oer it ferskil tusken de suffiksen *-lijk* en *-baar* yn de Flaamske dialekten en it AN (Taeldeman 1985b). Ek hjir wurdt wiisd op ferskillen yn semantyske koherintens. Yn hoefier't Taeldeman him hjir werklik útsprekt oer in ûnderlizzende semantyske of syntaktyske struktuer is net dúdlik, wol dat er bgl. de foarmen op *-lijk* yndielt yn minstens trije groepen op grûn fan de rol dy't it 'achterliggende substantief speelt in zinnen waarvan het (hoofd)werkwoord hetzelfde is als de stam van de afleiding' (s. 95). Foar dy rollen brûkt er de 'caselabels' *FORCE* (bgl. yn *aantrekkelijk*, *besmettelijk*), *EXPERIENCER* (bgl. yn *afhankelijk* en *sterfelijk*) en *OBJECT* (bgl. yn *beminnelijk*, *hatelijk* en *overgetelijk*).

De skriuwer wiist der dan op dat de 'modale' betsjutting sterk wikselje kin. Dêrmei bedoelt er, mei ik oannimme, suver itselde as 'konnotative betsjutting' yn Taeldeman 1985a. Hij ûnderskiedt dêrbij tusken mooglikheid ('kunnen') en ferplichting ('moeten'). Sa kin in *besmettelijke ziekte* besmetting feroarsaakje mar hoecht it net, wylst *verwerpelijk* slacht op dingen dy't net allinne fersmiten wurde kinne mar it ek moatte (s. 95). Fierders kin der neffens him 'skalariteit' wêze: it ferskil tusken *besmettelijk* en *hinderlijk* soe wêze dat 'een *hinderlijk bedrijf* inderdaad ook hinder meebrengt' (s. 95). Taeldeman achtet sokke gradaasjes 'niet zozeer een kwestie van inherente semantiek, maar wel van zijn *pragmatische* factoren, afhankelijk van een bepaald wereldbeeld' (s. 96).

Dan folget der in oersjoch fan de ferskillen tusken ôfliedingen op *-lijk* en *-baar* (s. 96 e.f.). Dy op *-baar* hawwe oer it algemien in 'absoluut/objektief betekenismoment', wylst dyen op *-lijk* meastal wat 'overdrachtelijks/relatiefs' hawwe. Ferlykje ris it ferskil tusken *onmeetbare getallen* en *onmetelijke wouden*. It lêste foarbyld hat de 'bij wize fan spreken' betsjutting, want dy bosken kinne útsoarte objektyf besjoen bêst metten wurde. Mar ûnmjitbere getallen binne dat op grûn fan objektive wiskundige kritearia.

Mar wêrom bestiet **metelijk* net? Taeldeman wiist hjir op de relative betsjutting fan *-lijk*: der binne ferskillende gradaasjes fan ûnmooglikheid (absolute en relative). Dy gradaasjes binne der net foar mooglike saken, want sagau't oan ién betingst net foldien is, is it yn feite al mis en moat men fan 'ûnmooglik' prate. Yn wêzen is der sadwaande gjin relative/subjektive mooglikheid, en dat ferklearret de ôfwêzichheid, yn in protte gefallen, fan wurden as **metelijk* nêst *onmetelijk*.

Lykswols binne der de lêste twa ieuwen ek yn it Nederlânsk hieltyd mear

wurden op *-baar* kommen mei de figuerlike, oerdrachtlike betsjutting, bgl. *onbetaalbaar*, *onvermoeibaar*. Ek hjir ûntbrekt almeast de positive wjergader (**vermoeibaar*); *betaalbaar* bestiet dan fansels al, mar hat dan tige typearjend krekt nèt de figuerlike betsjutting (s. 100).

De ôflieding op *-lijk* is net hielendal produktyf mear, de konkurrint op *-baar* wol. Allinne bij semantyske ferskillen hat de *-lijk*-ôflieding noch wat stân hoden, foaral mei oerdrachtlik [*on-* + tiidwurdstam + *-lijk*] tsjinoer letterlik [*on-* + tiidwurdstam + *-baar*] (s. 101). Taeldeman ferbynt ek hjir de semantyske ynkoherintens fan de *-lijk*-ôfliedingen mei it produktiviteitsferlies, al definiëarret er dat begryp net en liket er ymplisyt it 'stand ... houden' fan de *-lijk*-wurden slaan te litten op al lang en breed leksikalisearre wurden, wurden dus dy't der, sa te sizzen, al binne en in eigen skiednis hawwe.

Nei Taeldeman hat Van Marle him dwaande hoden mei de ôfliedingen op *-lijk* en *-baar* (Van Marle 1988). Neffens him is de kategory op *-lijk* útstoarn en net ferkrongen troch *-baar*. Wol is it sa dat yn de standerttaal, it Nederlânsk dus, it iepen plak opfolle is troch *-baar*, wylst de dialekten net safolle fan dat lêste achterheaksel witte wolle. Foar de ferklearring fan de hjoeddeiske ymproduktivens fan *-lijk* wiist Van Marle, lykas û.o. Taeldeman foar him, ek op semantyske eigenskippen, mar hij docht dat net op deselde manier. Nêst de 'semantische diversiteit' fan eigenskipswurden op *-lijk* binne der noch oare, sij it ek semantyske, wichtich. Van Marle wol it ferskynsel fan it gauris foarkommen fan de net-letterlike betsjutting [neffens him dan, mar sj. fierderop] fan wurden op *-lijk* op syn bar wer, en dan sa te sizzen op in heger nivo, taskriuwe oan de kearnbetjutting ('core meaning') fan de adjektiven: se tsjutte ynherinte eigenskippen oan fan de saken dêr't nei ferwiisd wurdt. Wurden as *beminnelijk*, *aanbiddelijk* slane op 'onvervreembare, d.i. 'het wezen' van de personen in kwestie betreffende, eigenschappen'.

Van Marle syn stelling soe ynhâlde dat it ek troch him behannele *ongeneselijk* fan *ongeneesbaar* ferskilt yn de ynherintens fan it earste. Mar it is net yn te sjen hoe't *ongeneesbaar* op himsels, los fan de taal (as Van Marle dat alteast sa bedoelt), dan net-ynherint wêze kin. Mar lit ús ris sjen wat Van Marle no fierder mei syn stelling docht.

Van Marle ûntwikkelt dan syn ideeën oer it ûntstean fan de 'net-letterlike' betsjuttingen fan de ôfliedingen mei it suffiks *-lijk*. Hij wiist op trije dingen: a) it primêr-wurden fan de ôflate ymplikaasje fan de kearnbetjutting, dy't dan yn wêzen ferdwynt [myn parafrase], foarbyld:

aantrekkelijk dat gewoan 'knap, mooi' betsjutte kin²; b) it ûntstean fan modale lêzingen lykas: winsklikheid, needsaak of ferplichting fan de hanling (sj. ek al Taeldeman 1985b); en c) it ûntstean fan metafoaryske lêzingen lykas 'bij wize fan sprekken'. Op dat lêste sil ik hjir even fierder yngean omdat ik leau dat Van Marle him hjirsels it dúdlikst yn de problemen skriuwt.

Van Marle wiist derop dat de 'bij wize fan sprekken' betsjutting, dus de metafoaryske, fan in soad wurden op *-lijk* mei as foarheaksel *on-* (en meastal mist dan de positive wjergader) taskreaun wurde moat oan it net goed harmoniëarjen fan de wurdbetsjutting fan it ûnderlizzende tiidwurd (of wurdt bedoeld: it adjektyf op *-lijk* sûnder *on-*?) mei it elemint fan negaasje. Ommers, wannear kinne dingen bgl. echt (ynherint) *ondragelijk*, *onmetelijk* of *onuitputtelijk* wêze? Soks kin net, en dêrom moat de ynterpretaasje wol 'bij wize fan sprekken' wêze. It swakke punt is hjir dat it dan wol nuver is dat bgl. **uitsprekelijk* of **metelijk* no krekt nèt besteane, want dat soene 'ynherinte' en bêst besteanbere eigenskippen wêze kinne. Dat *uitsprekbaar* en *meetbaar*, hoewol dan neffens de stelling net-ynherint, krekt wol besteane, is dan like nuver. En fierders is it fansels yn it algemien wat ûnbegryplik dat in metafoaryske betsjutting him ûntwikkelje kin, en eins suver wol moat, op grûn fan problemen mei in (blykber!) net-besteanbere letterlike *kearn*betsjutting [!] en/of de referint dêrfan. As yndie dij net-letterlike betsjuttingen opfette wurde moatte as reaksje op ûnakseptabele letterlike betsjuttingen, dan soe men op syn minst ferwachtsje dat der foarmen as **uitsprekelijk* bestiene. Mij tinkt, de hiele redenaasje fan Van Marle hat wat fan in besykjen om de ûnkrekte stelling oer it ynherinte karakter fan de *-lijk*-wurden te rêden.

Hoe nijsgjirrich at Van Marle syn besykjen ek is om it ferskynsel te ferklearjen dêr't Taeldeman ek op wiisde, ntl. de bewearde semantyske diversiteit fan de *-lijk*-wurden, ik leau dochs fêststelle te moatten dat syn útstellen net alhiel sûnder wryt of slyt binne. De semantyske diversiteit kin it produktiviteitsferlies ferklearje, mar Van Marle wol ek noch dy diversiteit sels ferklearje, wat útsoarte in tige loflik stribjen is, mar wat him neffens mij net goed ôfgongen is.

It is no faaks net ûntsjinstich en sjoch ris nei wat oaren, bgl. De Vooy

². Mar is it wol echt wier dat de mear letterlike betsjutting, sa't Van Marle ferskillende kearen úthâldt, net mear mooglik is? Ferl. bgl. *een aantrekkelijk idee*, *een aantrekkelijk voorstel*, dy't dochs dúdlik letterlik nommen wurde kinne.

(1967: 232 e.f.) oer Nederlânsk *-baar* en *-lijk* sizze. *-baar* moat tebekgean op in tiidwurdstam mei de betsjutting 'dragen, voortbrengen. Dat is nog dúdlik in *vruchtbaar* (vgl. Latijn: *fructifer*), maar reeds minder in *dankbaar*, *eerbaar*, *kostbaar*, *dienstbaar*, *ruchtbaar*, waar het suffix gaat betekenen: met zich brengende, verbonden met'. Utsoarte kaam it suffiks earst allinne achter haadwurden foar, mar yn gefallen as *strijdbaar* kin men net sjen oft it om in haadwurd- of in tiidwurdstam giet, sadat troch analogy ek fan allinne tiidwurdstammen ôfliedbere foarmingjen ûntsteane, bgl. *breekbaar*, earst allinne transitive mei passive betsjutting en letter ek yntransitive mei aktive betsjutting: *vloeibaar*.

It *WNT*, faaks foar in part de boarne fan De Vooy's, seit ûnder *-baar* min ofte mear itselde, mar dan wiidweidiger en wat helderder. *-baar* moat oarspronklik in eigenskipswurd west hawwe, dat ôflaat wie fan Germ. **beran*, ferl. it Aldingelsk *bære* en it Aldheechdútsk *bari*. De âldste betsjutting moat dan west hawwe 'geschikt tot dragen', 'dragende', sj. bgl. *vruchtbaar*. Dêrútwei ûntjoech him de betsjutting 'met zich brengende', 'bij zich hebbend', 'opbrengende', sj. bgl. *dankbaar*, *dienstbaar*, *kostbaar*, *ruchtbaar*. De folgjende stappen wiene de betsjutting 'verdragende, bestand tegen', sj. bgl. *reisbaar*, *strijdbaar*, *manbaar*, en 'iets kunnende ondergaan' (mei as bases transitive tiidwurden at de tiidwurdstam gelyk is oan de haadwurdstam) om't '[h]et denkbeeld van 'bestand tegen iets' verschilt weinig van 'iets kunnende ondergaan'. It sil dúdlik wêze dat wij hjir oanlâne binne bij de no meast gongbere betsjutting, bgl. yn *meetbaar*. Der bliuwt dan noch ien stap oer, dy fan transitive bases nei yntransitive bases, op grûn fan it feit dat guon tiidwurden beide wêze kinne: bgl. *brandbaar*. Allinne yntr.: *vloeibaar*.

It liket mij ta dat it *WNT* hjir yn grutte halen de saak goed beskriuwt, en dat we dizze kennis brûke moatte bij de ferliking fan *-baar* mei *-lijk*. Wêrom soe it komôf fan achterheaksels ús net ris wat sizze kinne oer har hjoeddeisk hâlden en dragen?

Lit ús dan no ris sjen nei *-lijk*. De Vooy's skriuwt dêroer dat it etymologysk besibbe is mei it haadwurd *lijk*, oarspr. 'lichaam, gedaante'. Sa moat bgl. *mannelijk* earst betsjutten ha 'de gedaante, de aard hebbende van een man'. Hjir moat, en dat sis ik nettsjinsteande myn twivels oer Van Marle syn ideeën hjirboppe, dochs wer tocht wurde oan dy syn opfetting oer de ynherinte eigenskippen fan de *-lijk*-wurden. Ommers, at wij der ek hjir fan út geane dat mooglikewiis de oarspronklike betsjutting noch altyd trochlibbet, dan moat de konklúzje wol wêze dat adjektiven op *-lijk* te krijen hawwe mei it aard, it karakter, de 'gedaante' (*lijk*), fan de saken

dêr't se op slane³. Dat jildt neffens mij oer it algemien foar dy mei haadwurdbasis (ferl. *goddelijk*), eigenskiplike basis (*ziekelyk*), mar ek foar dy mei tiidwurdbasis, en dat foar sawol de transitive as de yntransitive: bgl. *verschrikkelijk* en *begrijpelijk*. It ferskil mei de adjektiva op *-baar* soe dan wêze - en hjir ferskil ik fan Van Marle -, dat dy op *-baar* in mooglikheid oantsjutte (dy't net altyd ferwêzentlike wurde hoecht), wylst dy op *-lijk* in permaninte eigenskip oantsjutte, dy't normaliter, at oan de betingsten foldien wurdt, al ferwêzentlike wurdt. Sa is *onmetelijk* yn *onmetelijke wouden* te omskriuwen as 'mei de eigenskip dat X net metten wurdt', wylst oan de oare kant *onmeetbaar* yn *onmeetbare getallen* te omskriuwen is as 'mei de eigenskip dat X net metten wurde kin, yn it gefal dat der metten wurdt'.

Ik tink dat hjir ek wat opmurken wurde moat oer bewearingen boppe dat de deverbativa op *-baar* gauris letterliker binne as dy op *-lijk*. Ik leau dat dy útspraken op it misferstân berêste dat de betsjutting fan de beide suffiksen eins wakker gelyk is. Dat is lykwols net sa. It ferskil is dat bij bgl. *(on)meetbaar* tocht wurdt oan in saak dy't al of net metten wurde kin (fanwegen eigenskippen dy't direkt mei mjitten te krijen ha), wylst bij *onmetelijk* tocht wurdt oan it net-mjitten as gefolch fan it feit dat de saak, bgl. in bosk, sa ûnbidige grut is. Yn myn opfetting is dus in eigenskip as *onmetelijk* it gefolch fan in oare eigenskip, dy't jin net primêr oan mjitten tinke lit, nammentlik gruttens fan ôfmjitting. Radikaal oars dus as û.o. Van Marle achtsje ik sadwaande it idee fan 'ûnbidige grut' hjir net in net-letterlike betsjutting of in ôflate ymplikaasje (Van Marle 1988), mar in assosjaasje of in betingst.

Wat is no it ferskil tusken myn opfetting en Van Marle sines, sil men freegje. Dat ûnderskie is lyts, mar wol wichtich, en soe sà gearfette wurde kinne: it giet bij it ferskil tusken *-baar* en *-lijk* net om de ynherintens fan de eigenskip, mar om de permanintens dêrfan, of better: de yn prinsipe permaninte wurking fan it basistiidwurd op *-lijk* (dat, sa't we seagen, as etymology hat 'lichem, foarm, gedaante'), tsjinoer it potinsjele karakter fan de foarming op *-baar*, dy't net sasear in eigenskip oanjouwe as de mooglikheid dat de wurking fan it basistiidwurd pleats fynt. Sadwaande wurdt it ek wat begrypliker wêrom't bgl. de positive wjergader fan *onmetelijk*, dus **metelijk*, net bestiet. Ommers, gjin inkeld objekt hat as eigenskip dat it

³. Ferlykje ek de omskriuwing yn it *WNT* (oer ôfliedingen mei aktive bases) 'de handeling door het ww. genoemd, kunnende verrichten of *uit zijn aard* verrichtende' [mei kursivearring fan mij, GvdM].

permanint metten wurdt, mar der binne wol objekten dy't as eigenskip hawwe dat se permanint *net* metten wurde. Lyksoartige redenearringen ferklearje de ôfwêzichheid fan bgl. **afscheidelijk*, **beschrijfelijk*, **verbeterlijk*, **omstotelijk*, **verbrekelijk* en **vermijdelijk*.

Ik nim oan dat myn opfetting ek de oare troch Van Marle neamde feiten better ferklearje kin. Van Marle hie it û.o. oer it primêr wurden fan de ôflате ymplikaasjes fan guon *-lijk*-wurden, lykas *aantrekkelijk* dat gewoan 'kreas' betsjutte soe. Ik haw al earder útkomme litten, dat ik net sa leau oan dy net-letterlike primêre betsjutting fan *aantrekkelijk*, en dat ik boppedat 'kreas' net in ôflате ymplikaasje achtsje soe. Der hoecht lykwols net ûntkend te wurden dat der yn *een aantrekkelijke vrouw* wol de assosjaasje mei 'kreas' wêze kin, mar dat is in kontekstôfhinklike assosjaasje, dy't ferdwynt at we it wurd *vrouw* ferfange troch bgl. *voorstel*: foarstellen binne net 'kreas'. Ik achtsje 'kreas' dus net in ôflате ymplikaasje mar in troch de (talige en net-talige) kontekst jûne assosjaasje. It is boppedat neffens mij ek noch sa dat men in frou bêst *oantreklik* neame kin ek al is se net kreas, nammentlik wannear't se oare eigenskippen hat dy't oantrekkingskrêft útoefenje, bgl. sjarne en/of humor en/of yntelliginsje en/of jild, ik neam mar wat.

Dan is der twad it punt fan it 'ûntstean' fan de 'modale' lêzingen, dus winsklikheid, needsaak of ferplichting fan de hanling. Ik leau dat der ek hjir in misferstân is fanwegen in ferkearde opfetting fan de betsjutting fan it suffiks. Neffens mij befetsje bgl. *wenselijk*, *verachtelijk* of *verwerpelijk* út harsels al dy saneamde modale eleminten; ommers, at neffens myn útstel de betsjutting fan eigenskipswurden op *-lijk* is dat se de permaninte wurking oantsjutte fan it basistiidwurd, dan binne wij al dêr't we wêze wolle: *verwerpelijk gedrag* is hâlden en dragen dat troch elkenien fersmiten wurdt. De modale tafoeging is mar skyn.

Oer de 'bij wize fan sprekken' lêzingen haw ik it yn ferbân mei bgl. *onmetelijk* al hân.

[[eigenskip redenearringen **beschrijfelijk*,

2.2. *-BER en -LIK yn it Frysk*

Op grûn fan boppesteande útstellen woe ik no ris nei de Fryske foarmingjen op *-lik* en *-ber* sjen. De measte fan myn opmerkingen sille *mutatis mutandis* ek foar it Nederlânsk jilde.

Op grûn fan in troch mij dien ûndersyk nei alle bekende wurden op *-lik/-ber* (sj. *Frysk Wurdboek* fan 1984) kin konkludearre wurde dat it yn it algemien opfalt dat it Frysk wol aardich wat foarmingjen hat, en as

skriuwtaal kin it ek min sûnder, mar dat dochs it Nederlânsk it Frysk hjir oermânsk is. Dêrbij moat dan betocht wurde dat it net oars kin of it Frysk hat syn betreklik grut tal ôfliedingen te tankjen oan it Nederlânsk, dat model stien hat. At it wier is dat dialekten yn it algemien net oan it suffiks *-baar* wolle, dan moat dat ferklearre wurde út it feit dat men der yn de ynformele sprutsen taal ek ridlik goed sûnder kin. Dat it Frysk wol gâns wurden op *-ber* hat, moat him oan syn skreaune tradysje lizze, om't de skreaune taal ommers formeler en abstrakter is, en sadwaande mear ferlet hat fan bgl. ôfliedingen op *-ber*. Mar sels hjoeddedei sille wij yn it Frysk folle earder sizze, en ek skriuwe nammers, *dat is net te beteljen* as dat wij *dat is ûnbetelber* brûke soene. Tink hjir yn dit ferbân ek ris oan it Nederlânske *onbeschrijfbaar/-elijk*, *onomstootbaar/-elijk* of *onvermijdbaar/-elijk*. Fan dy wurden soene wij de Fryske wjergaders net sa gau brûke.

Ik sil no inkelde 'minimale morfologyske pearen' bijlâns rinne om de ferskillen tusken *-ber* en *-lik* ôfliedingen dúdlik sjen te litten. It earste pear is dan *beweechber - beweechlik*. Ofsjoen fan it ferskil yn transitiviteit, dat hjir fierder net ta de saak docht, is dit pear in goede yllustraasje fan myn stelling: *beweechber* slacht op in yn principe beweegd wurde kinnen mar net hoegen, wylst *beweechlik* op in permanint oan it ljocht kommende eigenskip slacht: *in beweechlik bern* beweecht ek werklik in soad. De tsjinstelling eigenskip - mooglikheid liket him ek noch te manifestearjen yn de omstannichheid dat men *o sa beweechlik* wêze kin of *tige beweechlik* of *te beweechlik*. Dy gradaasjemooglikheden binne bij *beweechber* eins net oanwêzich: *tige beweechber* is net botte wierskynlik yn it taalgebrûk (mei tank oan Pieter Breuker foar dy observaasje). Lyksoartige opmerkingen soene te meitsjen wêze oer it pear *kenber - kenlik*, lykas ek oer *ûnsjenber - ûnsjenlik*. Wat dat lêste pear oangiet, jout it *Frysk Wurdboek* fan 1984 ús gjin inkeld útslútsel. Wol is neffens mij oan te nimmen dat *ûnsichtber* (mei in nominale basis), ek yn it Frysk, gongberder is, wylst *ûnsjenlik* wol itselde wêze moat as *onzienlik*, dêr't de trijedielige Van Dale oer seit: '*uit zijn aard onzichtbaar zijnde, bovenzinnelijk of niet van deze aarde*' [mei klam fan mij, GvdM]. Hjir komt de permaninte en him normaliter uterjende eigenskip wol goed yn nei foaren, mei dêrnêst ek noch de, neffens mij dan, oanwêzige *assosjaasjes* fan 'bovenzinnelijk' en 'niet van deze aarde', dy't ik - sj. foarrige paragraaf - net as ôflate betsjuttingen beskôgje, om't de betsjutting 'net te sjen' noch altyd primêr is (hij is bij wize fan sprekken altyd maklik opropber) en perfoarst net ferdwûn is.

Ek it pear *ûnútsprekber - ûnútspreklik* jout in yllustraasje fan myn eardere wurden. Behalven it feit dat Van Dale oardielet dat *onuitsprekbaar* ek *onuitsprekelijk* wêze kin (op datsoarte ferskynsels kom ik noch), wurdt

oer dat lêste wurd sels sein: 'zo groot, zo sterk enz., dat het *niet in woorden is uit te drukken*' [mei klam fan mij, GvdM]. Yn myn ynterpretaasje betsjut dit wurd net foarst 'grut' of sokssawat, mar dat is wol in mooglike assosjaasje of in betingst, wylst de letterlike betsjutting bliuwt 'net útsprutsen', sj. de troch mij *skean* printe wurden yn it Van Dale-sitaat.

Nijsgjirrich binne, dit dan as lêste, *betinklik* en *ûnbetinklik*. Neffens it *WFT*, dat lykas wenst is, Van Dale neifolget yn syn omskriuwingen, betsjut dat 'bedenklik, ongerustheid wekkende; onzekerheid uitdrukkend'. It ferskil mei *betinkber*, dat dan wol net yn it *WFT* stiet mar bêst produktyf te meitsjen is, is klear: *in betinklike saak* is in saak dêr't men jin oer betinkt; *in betinklik gesicht* is in gesicht dat oan it 'betinken' ('denken over, zich bezinnen') is. Fierders besteane dan noch *ûnbetinkber* en *ûnbetinklik*. Dat lêste betsjut neffens it wurdboek fan 1984 'Verbazend, bijzonder'. Hjir wurdt dus it wurd 'denken' alhielendal net mear brûkt yn de omskriuwing. Ien fan de twa foarbylden is *in ûnbetinklik grut kwea*. It wol mij net oan dat bij dat tige goed analysearbere wurd de earste en psychologysk primêre betsjutting noch net altyd dy is dy't mei *tinken* te krijen hat; *in ûnbetinklik grut kwea* is in kwea dat sa grut is dat men it net betinke kin, en dus is it, troch assosjaasje en gefolch, in hiel grut, in ferbazend grut kwea. Letterlik nommen soe de omskriuwing yn it *Frysk Wurdboek* dat wurd ta in folslein leksikalisearre en morfologysk ûnanalysearber wurd meitsje, en dat kin gjin kant út. De Van Dale docht it dan ek better: *onbedenklik* ('veroud.', dat wol) wurdt omskreaun as 'niet bedacht kunnende worden', en dan komt pas 'alle voorstelling te boven gaand' - dêr't *voorstelling* fansels eins ek noch altyd de letterlike kant útwiist.

In ferskil tusken *-ber* en *-lik* is dat it tal yntransitive ôfliedingen bij *-lik* grutter liket te wêzen. Bij de *-ber* wurden binne der mar in hantsjefol allinne yntransitiven: (*ûn*)*besteanber*, *floeiber*, *libbensfetber* (*fetber* sels liket mij transityf ta). Dan binne der noch inkelden dy't beide wêze kinne: *brânber*, *bûgber*, *draaiber*, *farber*, *trouber*. Bij de *-lik*-wurden is it tal yntransitiven navenant folle heger. Ik neam hjir in rûch hantsjefol: *befoarderlik* *bekoarlik* *boartlik*, *ferjitlik*, *ferliedlik*, *feroarlik*, *haachlik*, *hinderlik* (at it alteast net fan in nominale basis foarme is), *oanloklik*, *ôfhinklik*, *oansjitlik*, *oantreklik*, *tasjitlik*, *ûnophâldlik*, *weet-/witlik*, *ynnimlik*. It giet, dat sil dúdlik wêze, yn al dy gefallen net om mooglikheden dy't ferwêzentlike wurde kinne, mar om eigenskippen en tendinzen dy't ek werklik normaliter oan it ljocht komme.

2.3. *Binne de -lik-ôfliedingen yndie semantysk ynkoherint?*

In stelling bij ûndersikers lykas Van Marle wie, dat *-lik* belies jaan moast tsjin *-ber*, alteast no syn produktiviteit ferlern hie, fanwegen de semantyske ynkoherintens fan de *-lik-ôfliedingen*. De *-ber-ôfliedingen* soene dan in folle gruttere semantyske koherintens hawwe, en sadwaande gaadliker wêze foar produktive nijfoarmingen. No is it yn syn algemienens grif wier dat in suffiks mei in ûntrochsichtige of netfoarsisbere betsjutting minder gaadlik is foar nijfoarmingen as in trochsichtich suffiks. De fraach is oft de *-lik-ôfliedingen* no echt semantysk ynkoherint binne. Se soene dat wêze at se bgl. hieltyd ferskillende kategoriale betsjuttingen hiene of wannear't se lêzingen hiene dy't wize soene op yn wêzen net-gearstalde en net-langer-morfologysk-analysearbere wurden, sa't it gefal wêze soe at bgl. *ûnbetinklik* yndie echt allinne mar 'verbazend, bijzonder' betsjutte soe (wat neffens mij net sa is). Nei myn betinken is (alteast bij de deverbale *-lik-ôfliedingen*) soks net oan te toanen - dêr haw ik yn de foarrige paragraaf al op wiisd. Boppedat binne der ek bij de saneamd koherinte *-ber*-wurden gauris guon mei aparte, allinne foar dat spesjale gefal jildende, bijbetsjuttingen. Sa betsjut *ûnbetelber* net allinne 'letterlik net te beteljen', mar kin it ek bedoeld wêze as 'hiel djoer'. Datselde jildt foar it Nederlânske ekwivalint. Fierders is in twadde betsjutting lykas dy yn it metafoaryske *een onbetaalbare mop* wol in wenstigen-ien wurden, mar bliuwt it in metafoar fan in sûnder problemen letterlik te brûken wurd, lykas yn *ús sosjaal fersekeringsysteem*, dat neffens guon ministers *ûnbetelber* driget te wurden.

Lyksoartige opmerkingen jilde ek foar *leesbaar/lêsber*, dat neffens Van Dale as twadde betsjutting hat 'geschikt om gelezen te worden, aangenaam om te lezen': in *leesbaar/lêsber* boek. Dochs bliuwt de 'letterlike', d.w.s. de regelmjittich út de betsjutting fan de gearstallende dielen ôf te lieden betsjutting sa te sjen altyd mooglik, wat neffens mij ynhâldt dat dat de primêre betsjutting bleaun is (ferl. *een (on)leesbaar handschrift*). Mar datselde jildt ek foar de *-lik*-wurden, nettsjinsteande de bekende mar troch mij ûntstriden bewearingen fan û.o. Van Marle, dat de ôflate betsjuttingen primêr wurden binne.

Ik bin der sadwaande noch net sa wis fan, oft der wol echt sprake is fan dy grutte(re) semantyske ynkoherintens fan *-lik*-wurden ferlike mei *-ber*-wurden, wat dan ek de ferklearring fan de blykber ferdwinende of al ferdwûne produktivens fan *-lik* wer yn de kiif stelt. Der soe dan as iennige ferklearring oerbliuwe it noch fêst te stellen, mar nei alle gedachten wol aktuele, feit dat der, faker as bij *-ber*-wurden it gefal wêze soe, *nêst* de primêre, út *-lik* ôfliedbere betsjutting, oare assosjaasjes in rol spylje (ferl.

de diskusje om *onmetelik* hinne), dy't mooglikerwize wat skealike ynfloed hawwe op de semantyske koherentens (en sadwaande de produktivens) fan *-lik*. Mar botte oertsjûgjend klinkt dat net, en it bliuwt in feit dat de 'regelmjittige' betsjutting fan *-lik* suver altyd bewarre en aktueel bleaun is.

BIBLIOGRAFY

Frysk Wurdboek, Frysk-Nederlânsk; Leeuwarden/Ljouwert, 1984.

Van Marle, J. 1988: 'Betekenis als faktor bij produktiviteitsverandering (Iets over de deverbale categorieën op *-lijk* en *-baar*)'; *Spektator* 17: 341-359

Taeldeman, Johan 1985a: 'Deverbal adjectives in Dutch expressing an inclination'; G.A.J. Hoppenbrouwers e.a. (eds.): *Meaning and the lexicon*; Dordrecht, 1985 [p. 20-28]

Taeldeman, Johan 1985b: "'De soep is wel eetbaar maar niet etelijk". Over deverbatieven op *-(e)lijk* in de Vlaamse dialecten en het A.N.'; *Spektator* 15: 94-103

De Vooy, C.G.N. 1967: *Nederlandse Spraakkunst. Herzien door Dr. M. Schönfeld*; Groningen [7e pr.]

Wurdboek fan de Fryske Taal / Woordenboek der Friese Taal [de dielen ferskynd sûnt 1984], Ljouwert/Leeuwarden.